

Kuierders genietsje fan it útsicht op 'e Waaddiik yn Lauwerseach. FOTO LC | JAN DE VRIES


*Fryslân is mei syn greiden en it waad in tige horizontale provinsje.*

*Yn dizze byldkollum 'skriuwe'*

*LC-fotografen yn fertikale bylden.*

**Nim no in boek as 'Frijende kikkerts' fan Hylkje Goïnga út 1986. Of 'Simmer', it boekenwikegesink út 1948 fan Nyckle Haisma. Der waard eartiids heech fan opjûn, mar se binne – of it moat antikwaarysk wêze – net mear te krijen. Mei it digitalisearringprojekt fan Tresoar komme al dy âlde boeken anst wer beskikber. Op 9 april is de presintaasje fan [www.sirkwy.nl](http://www.sirkwy.nl), de nije literêre webside fan Tresoar.**

SIETSE DE VRIES



It ûnderhâld oan de eigen literêre tradysje is foar in lyts taalgebiet as it Fryske in stik dreger as foar de gruttere talen. Wol de werútjefte fan in boek útkinne, dan moatte der al gau sânhûndert fan printe wurde. Soks slagget allinne mei in soad subsydzje – lykas mei de beide rigen Fryske Klassiken ein foarige ieu – mar sjoen de ferkeapsifers is it de fraach oft soks net skande fan it jild is.

Foar sokke problemen is digitalisearring in moaie oplossing. Stjoer in pear doazen mei Fryske boeken nei de Filipijnen en dêr scanne se dy tsjin in priis en mei in kwaliteit dy't yn Europa ûnhelber is. Mei sa'n tachtich boeken is dat al bard, dy binne fan 9 april ôf te besjen op ynternet.

Tresoar fiert it projekt út yn oparbeidzjen mei de Digitale Bibliotheek voor de Nederlandse Letteren. Dy DBNL is al in jier as tsien dwaande en hat sa njonkelytsen 6000 titels út de Nederlânske literatuer - 1,5 miljoen siden - digitaal tagonklik makke. Oan de ein fan 2012 moatte der 10 miljoen siden ynscand wêze. Doel fan DBNL is om net allinne literêre wurken, mar om de hiele kultuerskiednis, de sekûndêre literatuer yn begrepen, te digitalisearjen. De DBNL hat ek de Surinaamske en Afrikaanske literatuer ûnder syn bewâld, dat Tresoar koe sa oanskowe mei de Fryske literatuer. De Fryske boeken binne behalven by Tresoar anst ek op de webside fan de DBNL te besjen.

#### KLASSIKEN

By de fraach hokker boeken foar digitalisearring yn 'e beneaming komme, is Tresoar foar de alderearste skifting safolle mooglik útgien fan objektive kritearia. Mei de boeken út de beide rigen Fryske Klassiken en boeken dy't in literêre priis krigen hawwe, wie de seleksjekommisje al in moai ein op wei.

## Tresoar ûntslút Fryske literatuer digitaal